


Lit dyn stim hearre
foar it Frysk!

Doch ek mei
en sprek yn!



voice.mozilla.fr/

[#litdyhearre](https://twitter.com/litdyhearre)

Apps op de telefoan binne hieltyd faker oan te stjoeren mei spraak. Dat kin faak yn it Ingelsk of Nederlânsk mar noch net yn it Frysk. En dat moat fansels oars!

Wat is it? Wy meitsje mei-inoar in grutte set data oan sprutsen Frysk. Dy data kin elkenien brûke foar technologyske tapassings dy't mei spraak oanstjoerd wurden of Frysk werom prate.

Hoe dochst mei? Hast dyn telefoan, tablet of kompjûter by de hân?

1. Gean nei: voice.mozilla.frl (wurket mei Mozilla Firefox, Microsoft Edge en Google Chrome, op in iPhone/iPad allinnich mei Safari).
2. Klik op de mikrofoan ûnder de tekst 'Sprekke. Donearje jo stim.'
3. Sprek de sinnen yn. Foardatst it ynstjoerst kinst it earst werom harkje. Klik dêrnei op de knop 'Yntsjinje'.

Ast leaver net sels ynsprekst, kinst ek ynsprutsen fragminten fan oaren tsjekke. Klik dan op de griene ôfspylknop ûnder de tekst 'Harkje. Help ús stimmen te falidearjen'. Kinst fansels safolle sinnen ynsprekke en tsjekke ast sels wolst! Sûkses!

Tûke trúks

- Praat sa'tst altyd praatst. De útsprutsen sinnen moatte represintatyf wêze, dat sawol Klaaiske, Wâldske as Súdwesthoekske útspraak moat fertsjintwurdige wêze. Lykas âldere en jongere, manljus- en frouljusstimmen.
- It is net behinderlik dat der beheind eftergrûnlûd is.
- In aparte mikrofoan is net nedich. De ynboude mikrofoan fan dyn telefoan, tablet as kompjûter is goed genôch.
- De betingsten fan Mozilla binne datst op syn minst 18 jier wêze moast.
- Kinst derfoar kieze om in akount oan te meitsjen, mar dat hoecht net perfoarst.



Common Voice
moz://a



rijksuniversiteit
 groningen

afûk

provinsje fryslân
 provincie fryslân



TRËSOAR

NHL
STENDEN



FRYSKE AKADEMY



FERS

hogeschool

Omrop Fryslân